



Durk van der Ploeg (links) oerlanget de earste eksimplaren fan De Iishilligen oan âld-dykgraaf Herre Kingma (midden) en de lêste polhoeder op it Bandtshûs, Jimke van der Wagen. Foto: Roelof Stroetinga

## Alwer in nije 'Van der Ploeg'

ESUMASYL - Durk van der Ploeg wit net fan ophâlden. Justermondei waard yn it gemeentehûs dielen yn it Esumasyl syn 29ste boek De Iishilligen presintearre, alwer de fyfde útjefte sûnt er yn 2002 de súksesroman Foarby it Boarkumer Fjoer útbrocht.

ND 24-2-5  
„In heech tempo? No, dat falt ek wol wat ta, hear. Ik wie eins al yn 1999 mei dit boek dwaande. Earst woe it net slagje... Yn 'e rin fan it ôfrûne jier haw ik it hielendal op 'e nij skreaun", fertelt de 74-jierige skriuwer fan Feanwâlden.

Hy fertelt dat it in optocht ferhaal is mar dat der lykwols in soad histoaryske eleminten yn sitte. „Ik ha wat dat oanbelanget ek in protte oan it wurk fan Reinder Nouta út Dokkum, as bygelyks Dijken en Zeedijksters, hân.”

Van der Ploeg docht witten dat er eins fan doel wie om de nije

roman fan 't simmer út te bringen, mar de útjouwer Friese Pers Boekery hie leaver dat it tidens de Fryske Boekewike útkomme soe. Sadwaande hawwe leafhawwers fan Van der Ploeg's dus al rillegau wer wat om nei út te sjen. It is ommers noch mar goed in heal jier lyn dat Sykjend nei it lêste hûs (dat him foar in grut part yn Dokkum ôfspilet) it libbensljocht seach.

De Iishilligen is sa't it no liket it lêste boek fan Van der Ploeg dat yn de Dongeradielen spilet. „No ja, it lêste, dat wit ik fansels net. Mar ik bin my no oan it tarieden op in roman dy't him justjes súdliker yn 'e provinsje ôfspilet. Mar noch wol op it plattelân, hear.”

De skriuwer tinkt dat dit in histoaryske roman wurde sil. „Mar fieders wol ik noch net al te folle oer sizze. Noch mar efkes oardel jier wachtsje”.

Dat de nijste roman yn Esumasyl presintearre waard, wie in idee fan de skriuwer sels. It hat der natuerlik ek alles mei te krijen

dat it ferhaal De Iishilligen situaarre is yn de Bandtpolder by de eardere Lauwerssee tusken 1935 en 1947. De roman giet oer in grutte earme famylje dy't op it Bandtshûs wennet en it polhoederswurk docht. Dat hâldt yn dat heit en de soannen soargen foar it fee dat op de Bandt en dêroanlizzende Eanjumer en Ljussemer polder omrint.

„Fan âlds in iensume oarde fan slyk, blabber en ferlittenens. It lânskip bestiet no út boerelân, yndike kwelders, dykfragminten en trettjin weingatten. Wa't him yn 'e skiednis ferdjippet, komt ta it besef dat der yn dizze hoeke hiel wat út' e wei set is. Foar sa'nien komt it gebiet ta libben”, sei de skriuwer foardat hy de earste eksimplaren fan De Iishilligen (in spotske bynamme foar de húshâlding fan it Bandtshûs) oerlange. It earste boek gie nei Jimke van der Wagen, dy't as 'alderlêste Mohikaan' en polhoeder (1976 -1993) op it Bandtshûs wenne. Sjoch fierder op side 8.

S.O.S.

## 'De Iishilligen' fan Durk van der Ploeg

*Ferfolch fan foarside*

Van der Wagen joech nei de boekpresintaasje oan dat it libben der foar syn foargongers Michiel Hoekstra en noch fierder werom Freerk Bandstra 'yn 'e oarloch' folle swierder wie. „Eartiids moasten de bern winterdeis earst oer de seedyk nei de Skâns ta rinne om by de skoalle yn Eanjum te kommen. Mar wy ha wol meimakke dat it hjir aardich spoekje koe as tonger en wjerljocht boppe dizze hoeke fan de see hingjen bleau. Dan gie it derom wei!”, sei Van der Wagen. It twadde eksimplaar gie nei de lêste dykgraaf fan it Seewarrend Wetterskip, Herre Kingma, al sûnt 1850 in bekende wetterskipsnamme.

SICKO HOOGTERP

scr  
tw